



Privacyferklearring

April 2021

De provinsje Fryslân giet sekuer mei jo persoansgegevens om. Mei dizze privacyferklearring ynformearje wy jo dêroer. Op de ferwurking fan jo persoansgegevens binne de (Europeeske) Algemene verordening gegevensbescherming en de Uitvoeringswet Algemene verordening gegevensbescherming fan tapassing.

Wêrom ferwurkje wy persoansgegevens?

De provinsje Fryslân kin beskikke oer beskate persoansgegevens fan (natuerlike) persoanen. Dy gegevens binne benammen nedich om ús publike taken út te fieren.

Grûnslach fan de ferwurking

De ferwurking fan persoansgegevens bart û.o. op grûn fan de neikommende grûnslaggen út de Algemene verordening gegevensbescherming:

- jo hawwe tastimming jûn, bygelyks omdat jo jo abonnearre hawwe op in nijsbrief fan de provinsje;
- it ta stân kommen of de útfiering fan in oerienkomst mei de provinsje;
- in wetlike ferplichting dy't op it provinsjebestjoer rêst;
- de útfiering fan taken fan algemien belang troch it provinsjebestjoer.

Yn de measte gefallen bart de gegevensferwurking op grûn fan de útfiering fan publike taken (taken fan algemien belang). It giet dan bygelyks om it behanneljen fan oanfragen foar in fergunning, in ûntheffing, in subysdzje, in ynformaasjefersyk op grûn fan de Wet openbaarheid van bestuur, in ynspraakreaksje of in sjenswize, in beswierskrift of in klacht.



Wa is by de provinsje Fryslân ferantwurdlik foar de ferwurking fan persoansgegevens?

Yn it grutste part fan de gefallen binne Deputearre Steaten ferantwurdlik foar de ferwurking fan jo persoansgegevens. Soms binne dat Provinsjale Steaten of de kommissaris fan de Kening.

Funksjonaris gegevensbeskerming

In funksjonaris foar gegevensbeskerming (FG) is belêstige mei it tafersjoch op de beskerming fan jo persoansgegevens. De FG fan de provinsje Fryslân is berikber fia it Klant Kontakt Sintrum (KCC) fan de provinsje: telefoannûmer 058 – 292 59 25 of mei de mail: funksjonarisgegevensbeskerming@fryslan.frl.

Mochten jo leaver streekrjocht jo fraach oan de FG stelle wolle yn stee fan fia it KCC, dan kinne jo dat by harren oanjaan. De operators binne op 'e hichte fan de dan te folgjen prosedure.

Jo besite oan ús webside

Bywannear't jo ús webside(n) besykje, set it kompjûtersysteem automatysk in cooky op jo kompjûter. Sa krije wy ynformaasje oer it tal besikers, hokker siden it measte besocht wurde of de tiden fan besite. Dêrfoar meitsje wy gebrûk fan de tsjinst fan Siteimprove. Mei dy partij is in ferwurkingsoerienkomst ôfsletten. [Jo kinne de privacyferklearring fan Siteimprove hjir lêze](#).

Tastimming

As it ferwurkjen fan jo persoansgegevens basearre is op jo útdruklike tastimming, dan kinne jo dy tastimming altyd ynlûke. Dat ynlûken hat gjin gefolgen foar de mei tastimming ferwurke gegevens.

Hoe lang bewarje wy jo gegevens?

Wy bewarje jo gegevens net langer as nedich. De termen foar it bewarjen fan persoansgegevens binne mei it tapassen fan de Archiefregelgeving yn seleksjelisten opnommen, dy't troch de Minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip fêststeld binne.

[Dy seleksjelisten kinne jo hjir ynsjen](#).

Mei tredde diele

Wy kinne jo persoansgegevens mei tredde diele yn ûnder oare de neikommende gefallen:

- as de útfiering fan in publike taak alhiel of foar in part oan in tredde partij opdroegen is;
- as der in wetlike ferplichting of in wetlik foech is om persoansgegevens oan tredde beskikber te stellen;
- as jo jo ynskriuwe foar in provinsjale nijsbrief.



As wy in fermoeden hawwe fan strafbere feiten of fan misbrûk kinne wy persoansgegevens oan treden dy't it algemien belang tsjinje beskikber stelle, dêrûnder opsporingstsjinsten en it Iepenbier Ministearje.

Jo rjochten, dêrûnder it rjocht om beswier te meitsjen

Jo hawwe oangeande jo eigen persoansgegevens beskate rjochten. Dy rjochten jilde net ûnfermindere. Jo kinne jo rjochten allinne útoefenje foar safier't de privacyregeljouwing jo dy rjochten takent. It kin dus wêze dat in fersyk net of net hielendal honorearre wurdt. Ûnfoege fersiken kinne wy bûten behanneling litte.

Jo hawwe it rjocht om jo eigen persoansgegevens yn te sjen en gegevens dy't net goed of net folslein binne wizigje of oanfolje te litten. Ek hawwe jo it rjocht op it ferwiderjen fan persoansgegevens (dêrûnder it rjocht om 'ferjitten' te wurden), it rjocht op beheining fan gegevensferwurking, it rjocht op oerdraachberheid fan gegevens en it rjocht om, fanwegen jo spesifike situaasje, beswier te meitsjen tsjin gegevensferwurking.

Wizigingen

De wize wêrop't wy persoansgegevens ferwurkje en de gearstalling of hoemannichte fan gegevens dy't wy ferwurkje, kin wizigje. Dêrom behâlde wy ús it rjocht foar dizze privacyferklearring oan te passen. Yn dizze ferklearring wurdt altyd de lêste datum fan wiziging oanjûn.

Wêr kin ik mei in fraach of in klacht terjochte?

Foar fragen oer jo persoansgegevens en jo privacy, kinne jo yn kantoarieren by ús Klant Kontakt Sintrum (KCC) terjochte. Sy binne berikber ûnder tel.nr. 058 – 292 59 25 of fia de mail provincie@fryslan.frl. Jo kinne dêrby tinke oan:

- algemiene fragen oer persoansgegevens;
- klachten oer de ferwurking fan jo persoansgegevens. Lit it ús witte, wy losse it graach mei jo op;
- fragen of opmerkings oer ús privacyferklearring.

Binne jo net tefreden oer de ferwurking fan jo persoansgegevens troch de provinsje, dan hawwe jo de mooglikheid om in klacht yn te tsjinjen by de Autoriteit persoansgegevens.